

## Gravinneloane

Ferhurde diken wiene der eartiids net, it wiene allegearre sânpaden en skeanpaden; dy lêsten koenen allinne te foet brûkt wurde. It âldste sânpaad moat west hawwe by it âlde kafee de “Koekoek” lâns (no Sumar, mar eartiids hearde it by Garyp) en waard de “Gravinneloane” neamd. It is noch min-ofte-mear werom te finen by de ruilferkavelingsdyk achter de eardere K.I. en hie wierskynlik ôftakkingen nei stinzen en fersterke buorkerijen. Dy hienen dêr dan in brede grêft om hinne. Foar dy ‘t er each foar hat binne se hjoed noch nei te gean.

Garyp stie eartiids bekend as it doarp fan ‘e 14 stinzen. Neffens de oerlevering hat it dus in tige wichtich plak west. Garyp is in gesellich doarp mei in ferskaat oan wegen en weikes. In wûnder fan skientme wie oant foar noch mar inkele jierren Sigerswâld, in útbuorren fan Garyp. It wie noait liker as hie de tiid der stilstien. De stilte en de rêst kamen op jin ta mei teffens it ferline. Hjoed de dei snuorje dêr deis en nachts de auto ‘s lâns. In seldsum moai stikje Fryslân waard offere oan it ferkear. De Iniaheide hat ek noch altyd syn bekoaring, mar heide fynt men der net mear.

Om werom tekommen nei de “Gravinneloane”: In earste ôftakking kin west hawwe oan de westkant fan it K.I. gebou, in twadde oan de eastkant fan Sjouke Riemersma (rûn letter troch as “Lútsens Leane”, better bekend as “Rienke Baaije reedsje”. It hat tink ik syn ein fûn wer ‘t no Piet Hoekstra wennet, foar oan op it “Tsjerkepaed”; dêrwei it lân yn hat lang it paad west nei Pieter Veenje, de slúswachter; mar foar it selde kin it ein ek plak fûn hawwe krekt foarby de Petrustersjerke oan ‘e Westerein (slodder reedsje).

Ik tink dat de earste ferhurde dyk (yn 1866 wie it noch in sânwei) lein is fan ôf Sumar - Easterein - Greate Buorren - Lytse Buorren, de Westerein moat letter noch fluorre wêze. Dat wie de meast noardlike haadwei nei it doarp en ik tink ek de ienichste doertiids.

Fan ôf dizze dyk takken har ferskate sânpaden ôf yn súdlike rjochtingen. Neffens in âlde kaart fan Schotanus moat er in paad lein hawwe ergens tusken “Binnenrust” en it “Swellen Nêst” yn en dan sa op it hûs fan no Romke Hooijenga oan en dan nei myn betinken op it hûs fan no Van Slooten oan, wêrnei er ôfbûgde yn ‘e rjochting fan ‘e Hearrewei, op ‘e ein fan de Polderdyk. Schotanus neamd it de “Ryd weg na Nyega”.



De earste dêr ‘t ik fan wit wie fan ôf de Easterein nei de buorskip “Feanhúzen”, eartiids Lútsens leane” neamd, mar yn myn tiid waard it “Rienke Baaije Reedsje”, neamd nei Rienk Benedictus, de oerpake fan Gjalt Benedictus, dy ‘t it hûs sette dêr ‘t Foppe Lycklama à Nijeholt no yn wennet. Mei in grutte bocht nei links rûn it paad oer it hiem fan Abraham Deknatel (no famylje Klein), dêr ‘t it nei alle gedachten in ein naam by no Thomas Wobma.

Letter is der noch in sydpaad makke om wer yn it doarp te kommen, ik tink dat jo by Roaners de Jong lâns wer op ‘e Loane kamen. Dat wie net in sânpaad, mar ien fan ‘e folle saneamde “houtsjepaden” dy ‘t yn ús lânsdouwe in protte foarkamen.

De oare kant út komme jo by de buorkerij fan Jelle Lijklema en Pieter Romkes de Vries (eartiids Ielke Boonstra, nei alle gedachten de man dy ‘t it nije paad oanlein hat sa as wy it no kenne) lâns en rûn it paad rjochtút, in pear hûndert meter noardlik fan Romke Hooijenga (hat syn heit Tamme my ferteld) en sa op it bosk oan, rjochting Sumarre Heide. Dat bosk wie eartiids mei it measte lân der om ta in grut heidefjild, en as ik goed ynljochte bin oanmakke troch de pake fan Taede Siemens Sibma en op it lêste stik sille se wol in bosk plante hawwe, de grûn hat faaks gjin stoer wurdich west.

Fanôf it paad nei Sumarre Heide rûnen d’r wer sydpaden nei it súdeasten ta; se waarden letter reden neamd, want troch it brûken fan hynder en wein waarden it mar súdeastige paden, dy ‘t troch de brûkers sels ûnderhâlden wurde moast.

It earste paad wie wêr ‘t Thomas Wobma (eartiids Folkert Formsma) in nij hûs set hat. Destiids matte dêr mear húzen stien hawwe en neffens oerlevering moat d’r ek in begraafplak west ha wer ‘t dan de ferstoarnen út “Feanhúzen” beïerdige waarden.

De twadde reed rûn rjocht op famylje Kuperus (eartiids famylje Soet) en famylje Sjonger (earder Pope Zandstra - Wolter Tiekstra) oan.

De tredde reed wie foar famylje Djurrema, (earder famylje Landheer).

De fjirde reed wie oan ‘e eastkant fan Romke Hooijenga, foarby Tjeerd de Haan (no ôfbrutsen) nei famylje de Wal (no famylje ?) dan Japik van der Meer (ôfbrutsen) nei Herre Hartz (no Van Sloten).

De fiifde reed lei op ‘e skieding fan Garyp en Sumar en waard letter de trambaan in ein oer hinne lein. Wer ‘t jo dan krekt útkamen haw ik it measte sicht net op; ik wit wol dat er yn dy dagen frij wat minsken wenne hawwe, om in pear te neamen: Jelle Dykstra, Tamme Hooijenga, Remmelt de Haan, Louw Hartz. Foppe en Ietje de Graaf bouden in hûs fierhinne by de Sustersweifeart en besochten der eat fan in gernerkerij fan ‘e grûn te krijen, mar dat sil net slagge wêze want se hienen letter in snobberswinkel yn ‘e hjoeddeiske Inia bar. Letter hat er noch in Fennema yn wenne, opfolge troch syn skoansoan Jan fan lytse Romke Wymenga; nei syn ferstjerren is it ôfbrutsen Ik tink dat famylje Doede Veeman der no noch allinne wennet.

Rjochting Garyp stie foar dy tiid alteast in mûnske boerepleats, dy wie fan P. Brandsma. At der earder ek in pleats stien hat wit ik net, mar dy boude foar dy tiid in úterst moderne buorkerij mei in fuorgong yn 'e midden en oan beide kanten efter de kij in mielgong mei in grophe. At jo efterhûs steane kinne jo it hjoed noch sjen. No wennet feedokter Peter van der Weij der, dêrfoar Wytse Hoekstra, earder syn heit Aarn Hoekstra en dêrfoar Douwe en syn soan Jan Douwes Douma.

Dizze Brandsma blykte in foarútstribjend man te wêzen: hy lei bygelyks in sânpaad oan lyk rjochtút foar syn daam op Koutenburch oan.

Dat wie dus it twadde paad, mar wol eigendom fan boer Brandsma; it is dêrom net sa ferwûnderlik dat dy dyk no noch Brandsmaloane neamd wurdt. Hy besiet ek gâns wat lân sa om Garyp hinne, wie mei - oprjochter fan it wetterskip "Earnewâld", liet syn beide soannen leare: de iene is feedokter wurden en de oare makke letter namme as T.B.C dokter (by minsken) te Ljouwert. It wie in liberale boer mar joech yn tsjinstelling mei de A.R. boeren yn Sigerswâld altyd in heger oerlean as de oaren; dit haw ik fan myn mem, want dy hat er tsjinne doe't se 13 - 16 jier wie. Hy hat it faaks ek better dwaan kinnen.

It tredde paad wie it saneamde Joekema's reedsje. Dy rûn fanôf de buorren tusken it hûs fan Teun'e Wietske (earder Herman Formma) en Sytse Kloosterman (earder Frans Joekema) nei de pleatskes fan famylje Evers (earder Pieter Elzinga sr. en Lieuwe Elzinga) en nei famylje Koppe (earder Pieter Elzinga jr.). Der stiene ek noch in pear arbeiders wenten: earst Willem de Haan en dan Wytze Haanstra, dat is in nij hûs op it stee fan earder in sekere Wybren .....en letter Peter Sytema, dan wennen der noch Lykele en Wietske de Vries (ôfbrutsen en te sjen yn Garyp âlde ansichten diel 2 nr. 36).

Fan Sybren en Geeske krige ik noch in brief yn hannen fan har oerbeppe Maaïke, skreaun op 27 augustus 1895, dêr't sy yn skriuwt dat har man Anders Roorda nei Alde Miede is te "nieuwgras maaien", en dat har soan Broer no by Jouke Bosma tsjinnjet en wyks tsien stuurren oer hâld, sa dat er no in moai potsje opgarre hat en dat er straks mei heit nei de stêd sil om in nij pak. Sy hienen in tsiis fan 32 poun en turf genôch foar de winter.

Fierders stienen de beantsjes, de ierpels en de rogge der goed foar, der hienen se gjin soargen oer. Wol klage se dat se it yn 'e simmer sa drok hân hie, dan op it lân en dan yn 'e turf, moarns fjouwer oere der ôf, dat se koe soms "niet leggen", sa warch en ôfmêde wie se dan. Mar se wie tankber foar de "vele weldaden die de Heere aan ons betoondt". Dit skreau se oan har Geachte Dochter Wietsche. (Lykele Wietske dus).

Ik koe it net litte om dit oan te heljen as byld fan eartiids.

Besiden dit paad, oan 'e eastkant wie it saneamde Akke lân, dat wienen de eardere folkstúnen wer 't in protte minsken harren ierpels en grienteferbouden.

It fjirde paad wie in paad dat tusken de Andreas tsjerke en famylje Derwig rjocht op 'e pleats fan no famylje Stallinga (earder Lieuwe Hoekstra - Gerlof Hoekstra - Marten Wynia - Pieter Sibma - Piet Hoekstra - Sytse O. de Vries) ta rûn. Myn heit koe noch fertelle dat de famylje Hoekstra yndertiid mei de tilbury it paad del nei de tsjerke rieden. It sil in eigen paad west ha.

It fiifde paad wie de "Loane", no "Inialoane", mar dy rûn neffens myn heit net fierder dan wer 't de hûzen ophâlde. Op 'e kaart fan Schotanus wurdt oanjûn dat er heechút oan Lutke Inia ta rûn, wylst de Iniaheide by de Broek oanslúte. Oan 'e súdkant fan Sjoerd Wagenaar wie in dwerspaad nei Feanhúzen en oan 'e Súdkant fan Piet de Jong in "Voet en Kruipad", ek nei Feanhúzen.

It seisde paad wie in paad East by kafee Unicum lâns rjocht op Panjer oan. Eartiids stie der in karakteristyk âld boerehûs mei in âlderwetske skoarstien en houten blinen foar de ramen dy 't wer ûnderferdiel wiene yn lytsere fjouwerkante rútsjes. Yn myn tiid buorke der Geert Rienks Benedictus en letter syn soan Harmen Benedictus. Neitiid is it ôfbrutsen en is der in nij hûs delset dêr 't Panjer no yn wennet.

Dan bûgde it paad nei rjochts op 'e Tuije oan en nei de pleats fan no Jan Kloosterman (foarhinne Oege en Wytse Antonides en yn myn heit syn jongestiid Wolter ? van der Woude. It paad rûn dan rjocht op no Inialoane 80 oan (foarhinne Anne Smedes - Ybele Smedes - Klaas Veenstra - dokter Sirag) neist hûs lâns nei de Broek ta. Besiden dit paad moat yndertiid noch in lyts spultsje stien ha, der wennen doe Auke Hemrika en wie molkrider. Oebele Y. Smedes fertelde my dat doe 't hy noch in lyts jonkje wie harren wenhûs mei de ramen nei it noarden stie en in losse berch dêr efter, letter is er in nij hûs boud op it súden tsjin de berch oan.

It âlde stee fan eartiids hat er noch op in âld skilderij oan 't lewant. Hy fertelde ek dat noch altyd oan 'e sleatten te sjen wie, wer 't dy letter troch slatten wienen. Myn heit syn âlders wennen doe op it pleatske fan Stenekes (earder Andries Roorda) en hy hat dat paad as skoaljonge faak rinne moatten.

Dit komt oerien mei wat Jan Tj. Hoogstins earder skreau dat yndertiid it sânpaad fan 'e Tuije fierder troch rûn nei de Broek. It paad fan no giet fierder rjochtút bylâns "Lyts Inia State" nei de Iniaheide. Lyts Inia State wie in saneamde "Slotpleats" mei in brede grêft der om hinne (noch te sjen foar Wiebe Slofstra oer). Op 'e kaart fan Schotanus stiet er in hiel ein fan it paad ôf, wyls 't it paad foarby "Lutke Inia" fan ôf Garyp in bocht nei links makket der 't no in bocht nei rjochts is. De kaart jout ek oan dat er in ferbining is tusken sismar de pleats fan Van Rijn en de Iniaheide.

Ek is der in paad tekene fan út it doarp rjochtstreeks nei "Lutke Inia", alhiel mei beamen omseame. In ferbining mei de Broek wurdt net oanjûn.

De paden leinen eartiids oars as no, ôf de tekener hat him yn 'e bocht fersind. De Iniaheide wie in buorskip fan meast earne lju dy 't troch de tiid kamen mei jeien en mollefangen en es by in boer te arbeidzjen; se wennen yndertiid yn plagehutzen. Yn myn heit syn jongestiid stiene der noch in pear dêr't de foarein noch mei seadden op set wie.

De Iniaheide wie yndertiid ek in hege sânkop; myn mem hat faak ferteld, dat at se by har beppe wie (dy wenne op it hiem fan Heine Kootstra) en beppe even nei har suster moast (dy wenne op it hiem fan lêst Rinus Wagenaar, lyk foar Van der Meulen oer) sy dan it floddermûtske hiel stadich achter in hege sânkop ferdwinen seach.

Wannear wy it paad fierder folgje bûgde it krekt foarby Janny Wetterrauw (foarhinne Lykele de Vries - Hylke van der Meer) nei rjochts en foarby de "Forten" lei dan meastal in barte oer de Sustersweifeart om sa fierder yn Aldegea te kommen. Lei dy barte der net, dan moasten jo jo oersetse litte mei in skou.

It wie yn 1904 (no 100 jier lyn) dat de gemeente Smellingerlân kundskip die dat er frijwillich ôfstân dien wie fan grûn ta behoeve fan de oanlis foar de wei: Aldegea - Garyp. De bochten sille letter ek wol feroare wêze, mar it hat fêst noch jierren duorre foar dat alles syn beslach krige hat.

It sânde paad wie de "Hûnesteek" (no de Singel, de namme is fan Ds. Minnema, dy fûn Hûnesteek mar neat) en rûn dea wer 't letter Melle Pebesma in fuorderij begûn. Letter noch Jouwert Wagenaar, Gauke en Aalzen Wagenaar, no famylje Kok.

It achtste paad wie de "Tuije". Ik bin net wis dat dy trochrûn nei de pleats fan Jan Kloosterman of dat er ophold by it hûs fan Jan en Tea Leegsma en dat it letter troch lutsen is. Yn myn jongestiid wie alles noch sân.

It njoggende paad wie nei de buorskip "Sigerswâld", dat ek op in sânkop lei, it hat earder ek noch "Kleasterbuorren" hieten. Yn earder tiden wie it in echt doarp, bygelyks yn 1447 mei in tsjerke fan tufstien, dy 't yn 1482 ynstoarte. Letter hawwe in mannich nonnen der in kleaster boud mei in nij tsjerkje fan âlde Friezen.

Om it rotstúntsje op it hiem fan Jacob Jacobi jr. is in muorke mitsle fan dizze âlde stiennen. Om dit kleaster hinne setten letter inkele boeren har der nei wenjen en kamen d'r arbeidershûzen. Se hienen ek in eigen begraafplak.



De jonges fan Jacobi hawwe noch ferskate skeletten opgroeven en sille d'r grif mear oer fertelle kinne.

Nei oanlieding hjirfan krige ik fan Oebele Smedes in tige nijsgjirrich kranteknipsele, út hokker krante wie net nei te gean, oer it âlde Sigerswâld.

Ik hoopje dat yn in oanhingsel noch es hielendal ôf te printsjen.

De nonnen hawwe ek in feart grave litten dy 't hjoed de dei noch de "Sustersweifeart" hjit en oan 'e ein fan de "Polderdyk" ta rint. Yn dy tiid rûn der ek noch in paad fanôf Sigerswâld op Aldegea oan (dat is op in âlde kaart noch te sjen); it hat wierskynlik in ferbining makke mei it kleaster fan Smelle Ie. Foarby de pleats fan no Piet Greidanus, krekt oan dizze kant wer 't de Sustersweifeart in bocht nei it noarden makket hat lang in plak west, faaks is it noch wol te sjen, wer 't sa mar in barte oer de feart te lizzen wie. Wy neamden dat froeger de "twadde barten" omdat by Greidanus de earste barten leinen.

Myn pake Taede, berne yn 1852 troude yn 1875 mei Jantsje Hellinga fan 'e Burgumerheide en sette him nei wenjen wer 't no de hinneboer Van Harten wennet (eartiids Pieter Talsma - Durk Wolters - Jaap Raap). De dominee út Garyp moast destiids ek yn Earnewâld preekje; hy stapte dan fanôf Garyp nei Sigerswâld en dan fear pake him mei de skou nei Earnewâld oan 't efter de tsjerke, der koe der doe noch oanlizze. Dêrom hjit it farwetter nei Earnewâld altyd noch de "Tsjerkewei".

Oan it paad nei Sigerswâld wienen ek dwerspaden.

It earste sydpaad wie it "Sker", wer 't ek hûzen oan stiennen. It "Sker" krige syn namme omdat er eartiids plak wie om mienskiplik fee te weidzjen, dêrom ek wol "Miensker" neamd.

It "Sker" lei foar bûtenwetter en derom hienen se neist it Sigerswâldsterpaad in hege dyk makke, dy't oanslúte by de hegere bougrûnen dy't noch te sjen binne tusken "Mounehoek" en "Westerein". Fierder wie er noch in wâl oanlein fanôf "Stobbehoek", no it Fiadukt, oan de "Bolderen" ta.

Fierder hoegde net, want dan joech it bûtenwetter wol wer kear foar it fee. De wâlen wienen ticht beplante mei strewellen iken en hagebeammen, dat tsjinne dan as ôffreding, want it stikeltried moast noch útfûn wurde.

Der wienen twa plakken wer 't de kij yn en út koenen: op 'e "Mounehoek" en op "Stobbehoek", dat waarden "Skoartlings" neamd. Ferskate boeren kochten dan in oantal "Kowegongen", dat joech it rjocht om de "Gong" in ko te weidzjen. It wie eigen oan de Steaten fan Fryslân en dy haw it ferkocht op 29 augustus 1881. Dy ferkeaping fûn pleats yn de herberch fan Marten Douwes van der Zee te Garyp. It hiele Sker wie grut: 172 ha. of te wol 470 pûnsmiet. Bekend is dat Oege Simens Hoekstra 81 pûnsmiet keapet foar 17 gûne it p.m. en 13 p.m. foar 137 gûne it p.m. It ferskil sit him hjir yn dat it lêste oanmakke lân wie en dêrom goed haailân.

It twadde sydpaad wie it "Kooipaad", mooglik neamd nei in eardere einekoai. It rûn foar de Jong lâns (earder Uitze Tjeerdsma - Durk van der Meulen - Bokke Tjeerdsma - Hindrik A. Kooistra), foarby Betty László (earder Lammert Ysselstein - Gerben Kooistra) oer in sânkaam nei Earnewâld. It koe allinne yn 'e simmer brûkt wurde, by 't winter stie alles ûnder wetter. It Sigerswâldsterpaad del koenen jo letter ek noch rjochts; wierskynlik yn 1860 oanlein troch foarâlden fan 'e famylje Kooistra, want sûnt minske heugenis wie it altyd "Atereed".

Doe 't er in mûne set waard oan it Sigerswâldsterpaad om de Broeklannen te bemeallen is d'r ek in feart groeven as wetterlossing nei de Tsjerkewei . Op Atereed hawwe se barten der oer hinne lein: Atebarten. (Garyp âlde ansichten boekje 1 nr. 1 en boekje 2 nr. 2). De mûne moat stien hawwe krekt foarby Jan Hulder oan 'e linker kant fan it paad en mealde it wetter ûnder it paad lâns yn 'e feart. (boekje 1 nr. 35).

Myn heit fertelde dat doe 't de mûne letter oerstallich wie, ôfbrutsen is mei it hûske dat er by hearde, mei de pream nei Earnewâld fart en dat Jelle Kobus der letter wer yn wenne. t Kin wêze dat er ek de roggemûne bedoeld hat, dy 't neffens oerlevering ek op 'e Mounehoek stie, tichter by de buorren, der is noch altyd in stik lân dat de namme "Mounelân" hat.

Fan út Sigerswâld wie der ek in ferbining mei de Iniaheide op de súdkant fan 'e Broeklannen, letter gewoan "de Broek" neamd, jo kamen dan út by no Stenekes en sa wer op it paad nei de Iniaheide. Sigerswâld en de Iniaheide hienen yndertiid folle mei elkoar te meitsjen. De arbeiders dy 't op 'e Iniaheide wennen hienen foaral yn 'e simmer wurk by de boeren fan Sigerswâld, dy 't mei harren lân oan de Sustersweifeart ta leinen.

Se makken ek fakentiids gebrûk fan saneamde skeanpaden, ek wol houtsjepaden neamd; der lei dan in soarte fan byls of in dikke post oer de sleatten.

Yn myn jonges tiid ha we d'r wol faak gebrûk fan makke at wy de lannen yn stutsen. Tusken frou R. Veenje (earder U. van der Wier - P. Wolters) en (foarhinne Sj. Hoogstins - P. Boonstra - W. Kooistra - A. Kooistra - no ôfbrutsen) wie in paad rjocht op de barten oan oer de Sustersweifeart en ried men dan mei de tilbury of de glêzen wein nei Aldegea. At de arbeidersbern fan de Heide se oankommen seagen fleagen se harren yn 'e mjitte om de hekken iepen en ticht te dwaan; meastal krigen se dan in sint of in botsen.

Der wie noch in gearwurkingsferbân tusken beide buorskippen en dat wie mei ferstjerren. Doe 't er noch gjin begraffenisferieningen wienen hie men de saneamde "Buorren". Sigerswâld en de Iniaheide hienen ien "Buorren". Se moasten elkoar by stean mei ôflizzen, mei te hôf bringen, mei dragen, mei leedmiel en mei kloklieden.

Herman Sibma, Taede Antsje har skoanheit, hat my in kear ferteld dat hy as jonge baas by de begraffenis fan myn pake Taede de klok liede moast; dat duorre in lang skoft, want der moast trije kear om it hôf rûn wurde. Doe wie de koster by him ûnder de toer kaam en dy sei dat it nearne nei hearde, want hy lette de klok net mar dat er him klepte. Doe 't er it my fertelde skamme hy him d'r suver noch om, mar hy wist net better. Doe 't myn frou en ik letter te wenjen kamen wêr't Cor Wolters no wennet, fûnen wy op 'e souder in lange tafel mei twa skraachjes en twa lange banken, alhiel swart yn 'e ferve klear foar gebrûk by it leedmiel, it wie allinne alhiel fermôge.

As tsiende paad moat ik it "Tsjerkepaed" noch wol even meinimme. Dit paad sil oanlein wêze om de minsken te geriven dy't yn it eastelik diel fan it doarp wennen. Alle ôfstannen moasten te foet ôflein wurde en dan koarte dat wer in hiel ein om by tsjerke te kommen yn stee om de hiele buorren om. Sadwaande ûntstie der in grutte trijehoek.

It heechste punt lei op it stee fan Jappie Hellinga (eartiids postkantoar en bewenne troch Rienk van der Berg). Op it hûs stiet no noch "Op trije herne wier", d.w.s. it hege plak yn 'e trijehoek. It is my net bekend wa at dat er op set hat.

Even fierder, rjochting tsjerke, rint it hurd ôf en moasten jo oer in bartsje dat oer in sleatsje lei; dat wie in ôfwettering tusken Haaie van der Bij (eartiids Oebele van der Veer - Jan Roorda) en Haaie Kampen (foarhinne Teade Hietkamp).

D'r moat yndertiid ek in hekje foar stien hawwe, mar nei dat it ôfdamme waard stienen der yn myn skoaltiid twa wite peallen, sa dat er gjin hynder en wein lâns koe.

Werom dat se eartiids de tsjerke op it leechste plak fan it doarp boud ha is my net dúdlik; om it heech te meitsjen wie d'r fansels sân genôch yn Garyp. Faaks binne der guon dy 't der mear oer fertelle kinne. Krekt foarby de tsjerke wie noch in paad tusken de bruorren Hoekstra (eartiids Jelle H. van der Veen - Reinder Hoekstra) en de Buorkerij fan famylje Smedes. It waard letter it "Slodderreedsje" neamd, om 't er in protte ûnbrûkbere rommel hinne tôge waard en te sjen op in âlde kaart kin it ek noch wol it lêste stik fan 'e Gravinneloane west ha, mar it waard troch ferskate boeren brûkt. Der lei fansels noch in wearld lân tusken tsjerke en Wide Ie. It sil eartiids meast blaugers west hawwe.

As âlde en lêste paad is wat letter neamd waard it "Suwâldsterpaad". It is hjoed net mear foar te stellen, mar dat wie it paad om op 'e "Stoeken" te kommen en mooglik ek nei Warten. Oan foarby Stapert (eartiids Zwaagstra - Idsardy - Terpstra - wetterskip de Wâlden) gongen jo rjochts ôf; wer 't de beamwâlen opholden stie foarhinne in hûs (der wenne Binne Hoogstins, in âld omke fan Jappie Hoogstins); it paad hat lang yn besit west fan 'e famylje Hoogstins. It heucht my noch dat er foaroan by it paad in buordsje stie fan "EIGEN WEG" mei in artikel nûmer d'r by, mar dat wie letter.

Tidens de ieuwiksling 1800 - 1900 rûn it paad oer wat hege rêgen op 'e Fonejacht oan; der lei doe net in brêge oer, en hie eartiids de namme fan it "Ald Djip" en makke wierskynlik fia de "Marsleat" en de "Ald Wei" de ferbining mei Earnewâld. Dit wetter hie doe noch in oare loop as no. At jo oer de brêge fan no ride kin jo noch sjen wêr of 't er de loop hie. Yn 'e simmer gongen de boeren mei hynder en wein op in bepaald plak d'r dwers trochhinne, dit waard de Tynje neamd.

At it wetter heech wie leinen se takkebosken op de bûkberje, dat it hea mar net wiet wurde soe. Myn heit hat as jongfeintsje dat noch mei makke. De sylskippen hienen yn dy tiid noch net folle tonnaazje en ek net folle djipgong, dat dy koenen gewoan troch sile.